gemeente Opsterland

Oan ‘e ried

Jo skaaimerk:	Jo brief fan:	Us Skaaimerk:	Behannele troch:	Telefoan:	Taheakke:
		0086217188	Carlijn Ausems	(0512) 386 222	gjin

Ûnderwerp:
Wurkbesite wethâlder Durksz oan de Faröer-eilannen

Beetstersweach, 8 july 2025
Ferstjoerd op: 10 july 2025

Achte ried,

Wethâlder Durksz hat fan 7 oant en mei 11 maaie op wurkbesite west nei de Faeröer-eilannen. Op basis fan de Gedragscode integriteit collegeleden gemeente Opsterland 2016 leit hy mei dizze brief ferantwurding ôf oer dizze reis. Oan de wurkbesite wiene kosten foar de reis en it ferbliuw fan € 1705,- ferbûn foar de gemeente Opsterlân.

Wurkbesite Faeröer-eilannen
Provinsje Fryslân hat al in skoftke kontakt mei de Faeröer-eilannen. De Faröer-eilannen binne in selsstannich part fan it keninkryk Denemarken en lizze in moai ein de Atlantyske Oseaan op, tusken Skotlân en Iislân. It wurkbesite wie yn it ramt fan taal en kultuer.

Provinsje Fryslân hie de wethâlders Frysk en Kultuer útnûge om mei te gean op dizze wurkbesite, mei as doel om te learen en te ûnderfinen hoe’t men op de Faröer dit docht.

By de wurkbesite nei de Faeröer-eilannen hat er in soad omtinken west foar taal en kultuer. It taal- en kultuerbelied op de Faeröer eilannen is konsistint en dat soarget foar in grutte sichtberens fan de Faeröerske taal. It Faeröers, in taal dy't lykas it Frysk as in minderhiedstaal sjoen wurdt troch UNESCO, hat op de Faeröer eilannen in opmars belibbe. De taal is sichtber yn it ferkear, it ûnderwiis, biblioteken en yn kulturele sintra. Mei in bewuste kar foar in plak fan de Faeröerske taal yn it belied fan de Faeröer eilannen is it mooglik om de taal yn libben te hâlden. De wurkbesite hat soarge foar ynspiraasje, útwikseling en it dielen fan konkrete ideeën dy't fan wearde wêze kinne foar it Fryske taalbelied yn provinsje Fryslân en gemeente Opsterlân.

Derneist wie der ek in protte oandacht foar de kultuer op it eilân. Mei nammen foar de filmindustrie dy’t grut en bekend is foar sa’n lytse mienskip (Faröer hat sa’n 55.000 ynwenners.). Der is ek in eigen platenmaatskippij, dy’t regelmjittigch nije musyk útjowt. Sawol de film- as de musyk hat der yn de ôfrounne jierren ta laat dat de jongerein, dy’t earder yn grutte getale de eilânnen ferlitten hat, no wer werom komt en minder gau nei it bûtenlân giet. Ek hat de Faröer in pear skilders dy’t ynternasjonaal bekend binne. Yn oktober sille der in tal skilderijen fan de Faröerse skilders te sjen wêze yn museum Belverdêre yn Oranjewâld.

gemeente Opsterland

Fragen?
Wy fertrouwe derop jo hjirmei foldwaande ynformearre te hawwen oer de wurkbesite. Hawwe jo noch ynhâldlike fragen oer de wurkbesite? Dan kinne jo kontakt opnimme mei Durkje Moerman, adviseur Cultuur. Sy is te berikken op it mailadres durkje.moerman@opsterland.nl of telefoannûmer 06 44200181. Hawwe jo fragen oer de gong fan saken oangeande wurkbesites? Dan kinne jo kontakt opnimme mei Carlijn Ausems, direksjesekretaris. Sy is te berikken op it mailadres carlijn.ausems@opsterland.nl of telefoannûmer 06 13378891.

Mei freonlike groetnis,
boargemaster en wethâlders,

de gemeentesekretaris

Sandra van 't Hooge

de boargemaster

Andries Bouwman